



Feriening fan Fryske skriuwers, dichters, oersetters, publisisten en minsken dy't de Fryske skriuwerij tagedien binne.

e-mail: bestjoer@skriuwersboun.nl

ynternet: www.skriuwersboun.nl

Postadres: De Els 9, 9245 JC Nij Beets

Bankrekken: NL34RABO0154846945

Oan politike partijen yn Fryslân

Septimber 2022

Eala!

Yn maart 2023 binne der wer Provinsjale ferkiezings. Partijen binne op dit stuit dwaande mei it ûntwerpen en gearstallen fan harren programma's. It Skriuwersboun freget de Provinsjale partij-ôfdielingen om yn dy programma's in passazje op te nimmen oer de Fryske literatuer. Op dit stuit is der amper Provinsjaal belied oangeande de Fryske skriuwerij. Foar de kommende beliedsperioade kin dat dochs net sa bliuwe?

Wy hawwe it jimme maklik makke!

Hjirûnder folget in konkrete suggestje foar in tekst.

Dêryn stiet ek in koarte omskriuwing fan it grutte belang fan dy Skriuwerij foar it fuortbestean fan ús grutste regionale kultuer-skat: it Frysk.

Om't wy net fan alle partijen in e-mailadres fan it provinsjaal bestjoer fine koenen, hawwe wy dizze mail ek tastjoerd oan alle Steateleden. Mei hjirby it fersyk om ús foarset ûnder omtinken te bringen fan de programmakommisje of in oar relevant partijorgaan.

Wy rekkenje op jimme!

Mei freonlike groetnis,

It bestjoer fan it Skriuwersboun:

Reina Kroodsmá, Ammerins Moss-de Boer, Jan H. Woudstra, Willem Verf en Pier Boorsma

Fryske literatuer.

De Fryske literatuer fertsjinnet yn de kommende beliedsperioade krêftige stipe fan de Provinsje. De Fryske taal is it meast eigene fan ús gewest. Hast elkenien wol graach dat de taal der bliuwt. De taal kin rekkenje op brede sympaty yn en bûten Fryslân.

Wat it skreaune Frysk oanbelanget, binne wy tige ôfhinklik fan literatuer. Yn in mearderheidstaal besteane tal fan skreaune teksten: boeken fansels, mar ek saken lykas tydskriften, gebrûksoanwizings, oankundigingen, reachsiden, struiblêden, ûnderwiis-teksten, bysluters, ensafuorthinne! Wat it Frysk oanbelanget binne sokke teksten der amper. Dat makket it belang fan de literatuer namste grutter. Skriuwers, dichters en oersetters (v/m) binne de fakminskten foar ûnderhâld en ynnovaasje fan it Frysk.

De provinsje Fryslân is de earstferantwurdlike foar de ûntwikkeling en it fuortbestean fan it Frysk. In taal kin yn in heechûntwikkele maatskippij allinne duorsum bestean wannear't der yn lêzen en skreaun wurdt. Foar skreaune teksten binne auteurs en oersetters nedich, mei boeken en bondels dy't it publyk oansprekke.

Ús partij realisearret har dat skriuwen en/of útjaan yn it Frysk op 't stuit in aktiviteit is foar idealisten. Persoanen dy't meast jild talizze moatte op wat sy by d 'ein hawwe.

Dat is gjin sûne basis foar de takomst. Der binne no te min lêzers.

De ynfrastruktuer foar en de marketing fan Frysktalige boeken foar bern, 'young adults' (jong folwoeksenen) en oare lêzers fertsjinnet dêrom in sterke ympuls.

Wichtige eleminten foar dizze ympuls:

- Aktive ynset fan de Provinsje by it ûntwikkeljen en honorearjen fan plannen om it lêzen yn it Frysk te stimulearjen
- Ferromming fan it budzjet fan 'Boeken fan Fryslân', dit is de promoasje-organisaasje foar boeken en alle foarmen fan Frysktalige skreaune tekst (BfF is in ûnderdiel fan de Afûk)
- Stipe en subsydzje fan de Provinsje foar it yntinsyf stimulearjen fan promoasje en ferkeap fan oarspronklik Frysktalige, yn it Dútsk of Ingelsk oersetste, boeken yn oanbelangjende bûtenlannen (by foarkar troch BfF of eventueel troch in nij op te rjochtsjen organisaasje)
- Rommere finansjele stipe-mooglikheden foar Frysktalige útjeften en foar oersettings út it Frysk
- Mear ynset fan ynstituten lykas Tresoar en de Fryske Akademy foar de Fryske literatuer, wat ek ynhâldt: mear praktyske stipe foar it Skriuwersbûn troch Tresoar
- Provinsjale erkenning foar de wichtige funksje fan it Skriuwersbûn as belangebehertiger fan skriuwers en oersetters. Om dy taak ek op langere termyn ferfolje te kinnen is in ferheging fan it jierliks subsydzje needsaaklik.